

Ik migrearje, dat dêrom bestean ik

Skûlplakken fan Babylon

Peter Tomaž Dobrila



Fryske oersetting: Geart Tigchelaar

oarewurden
||| |

drugebesede
||| |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Ik migrearje, dat dêrom bestean ik

Der wurdt sein dat nei it ynkwisysjeproses fan Galileo Galilei hy yn himsels de wurden ‘Eppur si muove’ mompele hat. Yn it Sloveensk wurdt it sitaat almeast letterlik oersetten as ‘en dochs draait it’ (referearjend, fansels, nei it draaien fan ‘e ierde om har as), mar eins betsjut it werklik ‘en dochs beweecht it’. Wy freegje ús net ôf wat de wittenskipper eins sizze woe. Hjoed-de-dei wurdt it beskôge as in soarte fan anekdoate dy’t it beheinde fermogen om guon feiten te akseptearjen sjen lit. Wannear’t in keunstner in wurk tentoanstelt, dat altiten in beskate bewearing yn him hat, wurde wy oantrune om te prakkesearjen oer it boadskip dat it ús fertelle wol wylst wy nei de keunst sjogge, harkje en reflektearje. Yn tsjinstelling ta de wittenskip, dy’t in tal metoaden en prosedueres brûkt om as regel in ûndûbelsinnich resultaat te leverjen dat net folle romte lit foar spekulaasje, besitte keunstwurken it fermogen om ús te ynspirearjen troch meardere dúdlike paden dy’t wy op ús syktocht ûntdekke, akseptearje en by harren linen delrinne kinne. Mar dochs kinne wy net wis wêze fan de rjoching fan de koers, ek al is der inkeld mar ien paad dêr’t wy by delrinne kinne – dat is ús eigen paad, ús aldereigenst paad. Mei ús hollen, ús liven en ús herten. Wat soe der barre as ús bloed net hieltiten streame soe en wat soe der barre as it hert dermei ophâlde soe en de harsens net mear tinke soenen?

As part fan in kreatyf skriuwersferbliuwprogramma haw ik in moanne lang yn Masedoanië taholden. Yn de stêd Bitola, dy’t mar in hoannestap fan de Grykske grins leit en ferneamd is om syn ekonomyske en migranteprobleem. It is lykwols in minsklike krisis, in krisis fan dy en my, in krisis fan elkenien dy’t yn dizze wrâld funksjonearret as in geopolitike entiteit, elk fan ús liket dêrby te ferjitten – ûnder in stoartfloed fan propaganda – dat de wrâld earst en fral in fanselssprekkend feit is. Foarme út minsken. Krekt sa’t wy binne. Wy misse oars net as it fielen dat wy diel útmeitsje fan ‘e natoer. Ferbûn yn matearje en yn essinsje, aktyf en kreatyf, oertinkend en leafhawwend. Wis, dingen kinne ek it tsjinoerstelde wêze, wannear’t se manipulearre wurde troch in groepsmentaliteit dy’t basearre is op de iensidige logika fan in piramidesysteem. Mar der binne in soad ferskillende logika’s, alteast safolle as der fan ús binne, sjoen út in puer humanistysk perspektyf wei. Yn breder sin binne der likefolle as dat der libbene skepsels binne, yn al harren net te bedjipjen ûnderlinge ferbûnens mei de natoerlike wrâld, dy’t útsein libbene wêzens ek planeten omfiemet. Ien dêrfan is ús thús. En ien dêrfan binne wy.

In eksposysje fan in grut tal keunstners út alle hoeken fan ‘e wrâld, dêr’t ik sûnt april dit jier kwa organisaasje mei dwaande bin, is in dûbeld jubileum. It earste fiert dat it Multymediale Sintrum Kibla al tweintich jier bestiet.

It twadde is in soarte fan artistyk foarwurd op wer in oar grutskalich ynternasjonaal projekt, lykas oaren dy't de Feriening foar Kultuer en Edukaasje KIBLA sûnt 2008 koördinearre hat as de meast suksesfolle kulturele ynstelling dy't net fan oerheidswege is yn Slovenië en yn it algemien boppe-oan op 'e ljedder stiet by organisaasjes dy't yn programma's fan de Europeeske Uny, Culture en Creative Europe, behelle binne.

It Europeeske belied fan it sluten fan grinzen is tsjinstridich. Oan 'e iene kant liket it in anagronisme, wylst oan 'e oare kant it him foardocht as in witing fan in stammetakomst, mei't it wol migraasjes yn de sin fan programma's stipet, dy't nei jierrenlang fuortsterkjen fan de mobiliteit fan 'e artysten ien fan de prioriteiten fan Creative Europe waard. Projekten as Kibla's Risk Change – dat keazen waard út de fjirtsjin grutskalige projektfoarstellen as it iennichste projekt út saneamd Midden- en East-Europa wei, dat wol sizze fan dy lannen dy't yn 2004 lid wurden binne fan de Europeeske Uny – sitte dêrom wat yn in riedseleftige situaasje oangeande it artistyk omgean mei de ûnderwerpen fan migraasje en it sluten fan grinzen. Lykas de tsjinstelling tusken software en hardware. De lannen binne de hardware, makke troch de polityk neffens harren eigen maatregels en de minsken binne pleatst yn 'e rol fan software, dy't de lannen wer brûke om har doelen te berikken.

Wat in kontrast. Doe't Europa syn grinzen iepene, sleat Joegoslavië harres en tsjintwurdich wurde wy twongen om oeren te wachtsjen foar grinzen dy't earder net bestienen. Wêrom kinne dy pear nijmakke lannen, eardere republiken, net ynstimme mei op syn minst ien feriene kulturele romte, dy't der noch altiten is? Neffens de justjes oanpaste útspraak fan Wittgenstein 'de grinzen fan myn wrâld binne de grinzen fan myn taal' strekt dy kulturele romte út oer de folsleine fysike omjouwing fan it earder mienskiplike lân. Yn myn optyk giet it sels noch fierder as dat. It is in understatement om it in kulturele katastrofe te neamen dat jonge minsken hjoed-de-dei net langer deselde talen kenne dy't ienris it reach fan ús freedsum gearlibjen útmakken. Doe't wy yn 2008 it konsept foar Maribor en partnerstêden om Europeeske Kulturele Haadstêd 2012 te wurden, presintearren en de klam leinen dat it ús doel wie – as earste stêd út in Slavysk lân dy't dy titel takend krigen hie – om de posysje fan de Slavyske kultuer lyk oan dy fan de foarmjende Romaanske en Germaanske kulturen te skeakeljen, foelen de leden fan de kommisje fan saakkundigen suver fan harren stuollen.

Wy hearre hieltiten mar wer dat Ingelân en Ierlân oerrûn wurde troch Poalen, mear as twa miljoen. Ik freegje my dan ôf, binne hja net Europeanen? Poalen is ek part fan 'e Europeeske Uny. Ik kin dêr oan taheakje dat Slovenië ek binnenfallen is troch Britten, Dútsers, Eastenrikers, Italianen en folle net genôch. Mar boppe-al binne wy oerstreame troch oarlochssucht. Lytsgeastigens en bekrompenens as synonimen foar beheining.

Ik sjoch net yn wêrom't, mei it resinte beslút fan Grut-Brittannië, net ien easket dat de presidint fan de Europeeske Kommisje Jean-Claude Juncker, dy't dat opstappen al lang oankundigje moatten hie, ûntslach nimt.

As de presidint fan it regear fan Europa is hy ferantwurdlik foar dit referendumresultaat by ien fan de lidsteaten. Britske polityk bewearre dat hja jierrenlang wachte hawwe op feroarings yn 'e Europeeske Uny, mar nei ferrin fan tiid learden hja dat soks net barre soe. Hâld yn 'e efterholle dat allinnich al Juncker syn oanstelling yn dy posysje tsjin de wil fan it publyk en de polityk wie, mei't er ien fan de stifters is fan it belestingparadys Lúksemboarch yn de midden fan Europa, om mar te swijen oer syn oare manoeuvres dy't op 'e grins fan legalens sitte of fier de limyt oertrêde hawwe fan wat noch akseptabel is, lit stean dat it it wurdich is om dat op te folgjen. Mei sa'n presidint is Europa doemd om te mislearjen. As wy Europa op 'e nij ynrychtsje wolle, moatte wy begjinne mei de haden. It 'âlde Europa' fan ferdoarne polityk moat omfoarme wurde yn in 'nij Europa' fan nije mooglikheden en kânsen. Ien fan 'e betingsten dêrfoar is in ferskowing yn de politike beslútfoarming: alle Europeeske ynstituten moatte ferkiezings hawwe, ynklusyf de Europeeske Kommisje har presidint. Dat kin fuortdaliks wol begjinne, drest nei Juncker syn ûntslach. Troch dat te dwaan jout de Europeeske Uny alteast in lytse yndikaasje dat it (mooglik) in demokratyske entiteit is.

It minskdom soe sûnder migraasjes net bestean. Bisten en planten likemin. Likemin de ierde of hokker oare planeet dan ek. De prehistoaryske minske fynt neffens de besteande teoryen syn oarsprong yn Afrika, swalke troch Azië en Sibearië en kaam sa yn Europa telâne. Letter waarden de sidewei en speserijrûte foarme, wrâldekspedysjes en 'ûntdekkings', dy't gauris eskalearren yn konflikten tusken de lânseigen befolking en de nijkommers en, yn in net sa'n fier ferline, harren uteren yn koloanjes. Hjoed-de-dei komme wy wer tichter by dat begryp fan 'e wrâld. Allinnich de koloanjes binne firtueler, lykas de oarloggen. Oant we se sels meimeitsje. Migranten binne dúdlikernôch lestich, sels gefaarlik yn 'e eagen fan guon, om't de emoasjes dy't dêrmei yn ferbân brocht wurde – dy't altiten hiel yndividueel en privee binne – net-winske, sels ferbean binne. Persoanlikheid wurdt hieltiten mear opslokt troch de grutte hoemannichte oan geraas, feroarsake troch oaren, om harren eigen desyllúzjes te beskermjen en de beheining fan harren wrâld te ferbergjen.

It idee, dat ik ynearsten wijde oan de fiering fan de grutste Sloveenske avant-garde dichter dy't 90 jier lyn ferstoarn wie, Srečko Kosovel, en syn gedichten *Europa giet dea* en *Ekstaze fan 'e dea*, haw ik letter ôfstân fan dien. Ik besykje noch hieltiten in ferbân te lizzen mei de avant-garde, mar haw ik no in foarkar foar in mear kontemporêne oanpak ynstee fan in histoaryske. Ik leau dat de tentoanstelde keunst dat soort fragen ek opropt. Ik haw keazen foar it libben: migraasjes binne in wjerspegeling fan it libben, in fiering fan it libben, hja binne it libben sels.

Ik ried nei Ljubljana om guon fan it fleanfjild te heljen. Dat wienen Jovan Joca Jovanović, de Joegoslavyske regisseur fan wa't syn wurk desennia lang ferbean wie, dy't in grut tal heech oanskreaune en earfolle ûnderskiedings krigen hat foar syn wurk en Oleg Kulik, in wrâldferneamde Russiske keunster dy't yn Oekraïne berne is, en út Moskou wei oankaam.

De oare deis moete ik de legendaryske Jusuf Hadžifejzović en de keunstner dy't út itselde Sarajevooske doarp komt; Adela Jušić. Jûns krige ik in tillefoantsje fan de bûtengewoane Masedoanyske byldhouwer Žarko Bašeski, dy't my witte liet dat er al yn Maribor oankommen wie. De oare deis soenen de ferneamde AES+F nei mear as tsien jier yn Slovenië oankomme, wylst de oaren – út Kroäsië, Japan, Australië, Kanada, Poalen – al oanwêzich wienen op 'e lokaasjes. Foar it earst iepenje wy in eksposysje fan sa'n skaal op trije lokaasjes, nammentlik yn de MMC KIBLA, artKIT en KIBLA PORTAL mei as bekroaning in optreden fan Marko Breclj, mei as titel *Žicanje z žarom (De izerriedden fan in grill)*.

Keunst is libben, syn ynherinte essinsje, in testimoanium dêrfoar binne de keunstwurken dy't ferskate lotten wjerspegelje. Persoanlik en kollektyf, familiêr en sosjaal, boargerlik, polityk en religieus, mei't hja it mediagerdyn nei ûnderen lûke om ús sa te konfrontearjen mei hoarizons fierôf en tichtby en ek mei minsklike figueren yn subtile ynterpersonlike ferbinings, betochtsum, besoarge, mar ek boartlike perspektiven, dêr't harren paden en relaasjes yn úttekene wurde. Persoanlike ferhalen, hyperboalen en metafoaren, dokumintaasje fan 'e wrâld, firtuele refleksjes en realistyske konstruksjes, oantinkens oan it ferline, resepsje fan it no en de foarsizzing fan 'e takomst ferbine de poëtika fan yndividuele keunstwurken yn in konsistinte dramaturgy, útdrukt troch in ferskaat oan audiofisuele media.

Mar dochs, sels oan 'e oare kant, efter it mediagerdyn binne dingen itselde, it libben fynt altiten in paad. It sizzen dat dat paad in artistikenien is, is nei alle gedachten de freonlikst mooglike útnûging, it kin dy ynspirearje ta it kommen ta nije ideeën of dy oanmoedigje ta it ûndernimmen fan aksje. Wês dan wolkom op in reis mei keunst. It iennichste datst nedich hast bist sels.

Skûlplakken fan Babylon

Wêze is libben. Alle soarten fan wêze (wennings) wurde dêrmei bedoeld: ynterieurs, gebouwen, wenblokken, huzen, tinten, ûndergrûnske gebouwen, iglo's; provisoarysk, tydlik of permanint opsetten romten, caravans, campers, modules, laboratoria, romtestasjons, hillichdommen en paleizen; of bûtendoar, yn 'e iepen romte, ûnder de bleate himel, yn it wetter of yn 'e loft.

Wêze is ek bestean, in fuortsetting, dat beskate betsjuttings en diminsjes ynbringt yn it neakene libben: oan 'e iene kant wreidet it it o sa natoerlike begryp út en oan 'e oare kant nimt it ôf ta in yndividueel nivo en makket it persoanliker. Op alle mooglike wizen, as dat no is yn de sin fan it bestean binnen in beskate groep, mienskip of systeem, of yn de sin fan it fjochtsjen foar in bestean dat altiten konflikt ymplisearret, of faaks agresje ôfwiist troch ferdigening. Al dy dingen kinne beskôge wurde yn 't ljocht fan in grut tal hjoeddeiske problemen, fan oarloegen, ymperialisme en kolonisaasje oant ekonomyske konflikten, dy't as regel sosjale konsekwinsjes hawwe, mei't hja dominânsje brûke wolle om de grutte massa te ûnderwerpen, harren rjochten safolle mooglik te ferminderjen om harren úteinlik te nivellearjen ta de posysje fan konsuminten.

Ferrinnewearre lannen, ferneatige gebieten, slachtoffers, útinoar reage famyljes, ballingen, flechtlingen en migranten binne in gefolch fan it hanneljen fan de grutten, dy't de situaasje dan 'in migranteprobleem' neame, alhoewol't it in feit is dat de oarloch tsientallen jierren lang oanstutsen is troch deselde minsken en de reden is foar de ellinde fan 'e flechtlingen. Newton à la carte.

De keunsttentoanstelling *Skûlplakken fan Babylon* pakt fragen oan dy't te krijen hawwe mei de konsepten wêze en bestean. Yn dy geast is it heech tiid om guon fragen op 'e nij stellen, fragen dy't eartiids al steld binne troch it eksistinsjalisme, dat net allinnich foar de frijheid fan it yndividu en de gelikens fan alle minsken en ferskillende sosjale lagen pleite, mar ek foar de autonomy en it rjocht fan alle manlju en froulju om harren frij útdrukke te kinnen. En ek al binne de tiden no oars, de kontekst bliuwt gelyk: oerlibjen.

In ryk ferskaat oan artistike wurkwizen binne brûkt om de keunsters harren orizjinele fyzjes fan wêzen en bestean te presintearjen yn dúdlike en ferskillende foarmen en te toanen troch ferskate media. It libben op de planeet, Romteskip Ierde, dy't troch it romtetiid-kontinuüm by fêste banen delgiet, it draaien fan de ierde om syn eigen as en sinne hinne, de revolúsje fan it sinnestelsel binnen it hielal en de hiele molkewei yn it bredere systeem. Dat binne reizen dy't yllustrearre wurde kinne troch in minsklik wêzen/keunstner op in persoanlik, fysyk, mentaal, metafysyk, fiksjoneel, fabrisearre of symboalysk nivo.

Babylon is as in histoarysk feit dat grôtfol sit mei mytology, it symboal fan in âlde beskaving. Dat romantysk begryp fan harmony tusken minsken, rassen, religys, talen en kultueren is oant no ta troch artistike prosessen en keunstwurken yn 'e haadsaak opfette as in idealistysk idee, dat syn woartels fynt yn in grut tal literêre wurken en fisuele ôfbyldings. De ienris ûnôfhinklike stedsteat mei syn twa karakterisearjende rivieren, de Eufraat en de Tigris, de Ishtarpoarte, de hingjende tunen en de ferneamdste toer yn 'e ferlerne skiednis, dy't altiten op alderhanne wizen yn 'e fjoerliny fan it kapitaal en de polityk stie, hat sels hjoed-de-dei noch net oan macht ferlern yn Irak, in lân dat teskuord is troch bûtenlânske krêften mei miljoenen bannelingen en flechtlingen as resultaat.

It liket derop dat de wrâld hjoed-de-dei mondialer is as yn eardere tiden, ek al bewiist it lot fan Babylon ús yndied it tsjinoerstelde en is it wat dat oangiet al lang dúdlik. Minsken hawwe altiten socht, lykas alle libbene wêzens op ierde, nei de bêste mooglikheden om te oerlibjen. It begûn almeast mei it foarmjen fan in soarte fan groep, dat waard ta in sintrum fan harren bestean, dêr't troch jierren, desennia en iuwen in beskaving út foarme is.

Dat lêste begryp, it feit in *beskaving* neamd te wurden, is it tsjinoerstelde fan it idee/wurd/feit fan *militarisaasje*. Beschaving is yn konstante tsjinstridigens mei militarisaasje en rint dêrom gefaar om yn te stoarten ynstee fan dat it makke wurdt, dat der oan boud wurdt, dat it libbet yn tsjinstelling dat it ferneatige, ferwoastge en deade wurdt.

Fandêr dat *Skûlplakken fan Babylon* him konsintrearret op it hjir en no. De wizen dêr't wy ús dat op ferbyldzje, binne presintearre troch in ferskaat oan foarmen, media en materialen yn 'e tentoanstelling en omfetsje sa in palet oan wurken fan hiel yntym oant en mei de mear wiidomfiemjende, engazjearre wurken. Yn elk gefal binne de persoanlike en sosjale aspekten de krúsjale hypotezen fan in persoan (of fan in wêzen) syn/har yntegraasje yn 'e omjouwing. Dat kinne natoerlike lânskippen of lanlike gebieten, lykas woastinen, bergen en bosken wêze, mar ek stedske delsettings dy't de tichtstbefolke gebieten op ierde wurden binne. Fierders ek de meast ûnherberchsume plakken dêr't in minske wenje kin, sa as gletsjers, rivieren en seeën. By dat alles wurdt de harmony tusken minske en natoer hieltiten mear in syntagma fan ferfrjemding, om't it betsjut dat de minske net langer beskôge wurdt as ien fan de natoer har yntegrale ûnderdielen, mar foar dy natoer earder eat fan bûtenôf. Wy binne dus ynkringers dy't harren oanpasse moatte oan ús iennichste habitat, nammentlik de ierde. Lykwols mei troch it ferrin fan ús evolúsje, de evolúsje fan ús eigen beskaving(s), hawwe wy dy habitat sa bot feroare, dat it him net langer gedraacht as ús bûnsmaat, mar mear en mear as ús fijân.

De eksposysje *Skûlplakken fan Babylon* rjochtet him op persoanlike, artistike ûnderfinings, ûntliend oan ûnderskate romten fan tinken en kreaasje en de natoerlike omjouwing en kultueren dêr't de keunstner yn wurket.

De ûnderlizzende kwestjes dêr't it om draait binne wêze (libjen, bestean), oerlibje en migraasje, mar likegoed ek oare prosessen yn 'e moderne wrâld, dy't net allinnich troch ierdske ûnderfinings definiearre hoege te wurden, mar dêrom ek sjogge nei alternative foarmen fan libjen yn 'e romte, op oare planeten, yn oanbuorjende molkweistelsels en sels stjerrebylden fier fuort. Ek al is foar no it iennichste minskfreonlik gebiet om te wenjen ús planeet, artistike persepsjes geane fierder as dat om troch ferskate foarmen fan mooglike minsklike wenten, lichems, klean, delsettings, gebouwen, relaasjes ensafuorthinne oan te jaan, dy't troch ferskillende media presintearre wurde en sa it sintrale tema fan de tentoanstelling foarmje. Sa't de titel al suggerearret leit de keunst in histoarysk byld, in hjoeddeisk perspektyf en in takomstfyzje fêst en brûkt dêrby artistike kodifikaasje om dy ideeën yn in tal fan ferskate wizen te kommunisearjen.

Relatearre oan it konsept fan minskerjochten kin 'skûlplakken' yn it bysûnder assosjearre wurde mei it begryp feiligens. Skûlplakken binne plakken dêr't wy ús burgen fiele, dêr't wy hinne geane om in gefoel fan feiligens te hawwen. It giet om it gefoel dat men earne is, dêr't it feilich noch ûnfeilich is. Wannear't lykwols in gefoel fan ûnfeiligens keppele is oan eangst, kreëarret it in sterke kollektive oantriuw. Hjoed-de-dei wurdt der op mondiaal nivo wakker diskusjearre oer wat wichtiger is: minskerjochten of feiligens. Wy betinke hieltiten wer nije wizen en metoaden om minsken yn 'e macht te krijen, dy't om dy reden neat leaver dogge as har weromlûke nei harren skûlplakken. Nei harren rêst. Nei feilige grûn.

Sels dêr is feiligens oars net as in loftspegeling, mei't ús yntimiteiten bewekke wurde troch it ûntwikkele each fan it kapitalisme, dy't ús inerlik in diagnoaze stelt, ús priveesfear, ús wil, ús langstmen, ús tinzen. Der stiet in spiegel efter dy skynfeiligens, dy't dêr troch de eksposysje *Skûlplakken fan Babylon* delsetten is om te reflektearjen en reflektearre te wurden troch mienskippen en de polityk.